



**Jiertal / saaknûmer: 2023-233235**

**MOASJE**

Art. 49 RfO

Moasje oer in net op de aginda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 19 oktober 2023

Underwerp: **Moasje fan werombringen fertrouwen JHF**

De ried,

heard it beried,

oerwaagjende dat:

- der slimme misstannen west ha op ien lokaasje foar komplekse jeugdsoarch fan in kontraktearre partij;
- hjirtroch it fertrouwen bot skeind is by minsken en partijen dy't mei dizze lokaasje en kontraktearre partij fan dwaan hiene en hawwe;
- der ferbetterplannen en konkrete aksjes yn gong setten binne by dizze kontraktearre partij;
- de kontraktearre partij foar hiel folle jeugd en jongerein yn Fryslân soarch biedt en wy as gemeente en yn SDF-ferbân ynsette moatte op in duorsume gearwurking;
- de ynspeksje fertrouwen hat yn ferbetteraksjes fan kontraktearre partij;

fan oardiel dat:

- je dêrtroch hast ferjitte soene dat de kontraktearre partij hiel folle oare soarch biedt oan sa'n 2700 oare jongeren yn Fryslân;
- wy as polityk sels dreech oer de kwaliteit fan soarch oardiele kinne;
- der ynset wêze moat op de fierdere gearwurking mei kontraktearre partij;

ropt it kolleezje op:

- ta herstel fan fertrouwen yn Jeugdhulp Friesland (JHF) te kommen;
- om yn SDF-ferbân yn petear te gean mei JHF, en
- de ried dêroer te ynformearjen,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: M. van der Staal (S!N), GB

<b>Stimming</b>	Foar: SIN, GB, CDA, BVNL, PvdA, FNP, CU en VVD (26)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 19 oktober 2019.

De ried niisneamd,  
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer